

Bijlage HAVO

2025

tijdvak 1

Fries

Tekstboekje

examentor.nl

HA-1017-a-25-1-b



Examentor — Slim slagen voor je eindexamen
www.examentor.nl · AI-tutor · Gratis beginnen

© Staat der Nederlanden · examenblad.nl

Lykas Grutte Pier: 'Ik rêd mysels wol.'

Yn neat is filmmakker Steven de Jong tsjin te hâlden. As er wat yn de kop hat, dan sil it ek oangean. Is it hjoed net, dan moarn. Sa is it ek mei syn nijste film *Grutte Pier*. Al mear as in fearnsiuw hat dat in doel west. No hat de film de premjêre belibbe. Makke mei eigen jild.

(1) Ryk wurde fan in film? "Gjin kâns", seit de Fryske filmmakker Steven de Jong, bekend fan suksesfilms lykas *De Kameleon*, yn 2003
5 en 2005 meast besocht yn de bioskoop. Sûnder stipe is produksje fan in film eins net mooglik. "Sa no en dan slagget it, mar it gros fan de Nederlânske films kin lang net út." It
10 is hiel wat oars as de wrâld fan 'glitter en glamour', is de warskôging. Der is yn teory no mear stipe foar kultuer yn al syn foarmen, mar foar de makkers is it wrakseljen.

15 "Fansels by de premjêre is it allegear prachtich. En ek yn de brosjures om te partisipearjen yn in film. Moaie blabla. Ik fertel leaver it echte ferhaal. Dan kin ik de minsken wer
20 ûnder eagen komme."

(2) Mei de troch himsels oprjochte Stichting FilmAmbassade besiket Steven de Jong om syn eigen kroade te kroadzjen. "Dat is in groep fan
25 sa'n tritich minsken dy't fleurich wurde fan it medium film en dat stypje wolle", fertelt er. It binne freonen, sakelju en bedriuwen. Syn hoop is dat de FilmAmbassade in klup fan
30 hûndert wurdt, allegearre op de ien of oare wize filmleafhawwers. "Sy litte my myn gong gean, sadat ik mei film ferhalen fertelle kin."

(3) In filmproduksje is net samar
35 wat. Al mei al binne der sa'n twa hûndert minsken mei dwaande. De akteurs, mar ek de minsken foar de

kamera's en it ljocht en de tee en kofje. Alles freget omtinken. Mar yn
40 it earste plak giet it om it stik kreativiteit foar de film sels en hoe it ferhaal te fertellen. "As ik yn in filmseal sit, dan sjoch ik nei it publyk. De film haw ik al tûzen kear sjoen, it giet my
45 om de kopkes. Hoe reagearje de minsken? Sitte sy yn de film?"

(4) It meitsjen fan in Nederlânske film kostet gemiddeld oardel miljoen euro. Dat is grou jild dat net samar
50 weromfertsjinne is mei minsken dy't nei de filmseal komme. Dan moatte der al mear as trijehûnderttûzen kaartsjes ferkocht wurde, want de helte fan de opbringst is foar de bioskoop. In poepetoer is soks, it is
55 slagge mei de films fan *De Kameleon*, de earste kaam boppe de 750.000 en de twadde boppe de 450.000 út. Foar de Fryske filmmakker
60 gjin jildpotten dêr't er út gripe koe. It ûntbrekt him oan fûnsen of oerheden dy't ree binne om him te stypjen, oars as yn wurden. It paad is him wol bekend op it Provinsjehûs
65 yn Ljouwert. De doarren stiene iepen by de kultuerdeputearre en de amtners. Meardere kearen is troch Steven de Jong it pleit dien foar stipe oan film, it medium dat him sa
70 nei stiet. Yn syn holle safolle ferhalen te fertellen mei film, yn it bysûnder mei Fryske film.

(5) It is by wurden bleaun, de provinsje hat it yn de amtlike stikken



75 oer kultuer amper oer film. Twa film-
organisaasjes, Fries Film Festival
en New Nordic Wave, krije foar
meardere jierren stipe en dat jildt ek
foar it Fries Film Archief. Fierders is
80 der no in lanlike subsydzjepot dêr't
filmmakkers sels ek fierder mei
kinne. Joris Hoebe fan New Nordic
Wave dreamt fan in 'Hollywood oan
it Waad'. Alle miljoenen euro's dy't
85 beskikber kamen foar it Europeeske
projekt Kulturele Haadstêd 2018
soene moaie kânsen biede foar in
Frysk filmprojekt oer Grutte Pier,
betocht de filmmakker fan Hartwert
90 doedestiids. Hy seach it al hielendal
sitten. Mar nee, doe't er him oppe-
nearre, wie it boadskip dat alle mil-
joenen al fersein wiene. It is foar in
protte kultuermakkers hiel dreech
95 om it paad te finen. Sy reitsje
bedobbe ûnder in nust regels op wei
nei de jildpotten. Allinnich de profes-
jonele kultuerbonzen witte ried en
hawwe in komfortabele posysje om
100 de jildpot te ferdielen en te hear-
skjen.

(6) Foar de produksje fan de film *De Kameleon aan de ketting* hat Steven de Jong in bydrage fan 230.000
105 euro krigen fan it Nederlands Filmfonds. Soks is in stik bûter yn de brij, mar och heden wat in
geregelt en papierwurk om it safier te krijen. Om al it geregelt foar de
110 bydrage fan it Filmfonds betelje te kinnen, hat de produsint de saneamde 'producersfee' as troef ynset. Dêrmei is dúdlik dat in grut part fan de bydrage opgien is oan
115 advyskosten. "It is mei regels fierstente yngewikkeld makke. Dat kin net de bedoeling wêze. Dat is fansels de wrâld op 'e kop, want sa'n fûns is der om stimulânsen te
120 jaan en net allinnich oan grutte

partijen dy't juristen oan it wurk hawwe om saken te regeljen."

(7) Steven de Jong sjocht himsels yn de spegel. "Ik bin der net goed
125 yn, ik bin net diplomatyk genôch. Moatst dat spultsje spylje kinne. Mar as ik in oere om de tafel sit oer allerhande regels en wy hawwe it noch mei gjin wurd hân oer myn plan, oer
130 it kreative, oer de film, dan is it my oer. Ik tink al rillegau: ik rêd mysels wol. Dat is wat ik ek it leafste doch, dat jout frijheid en ûnôfhinklikheid." De filmmakker is ûnderwilens al
135 wend om te brekken mei wetten en regels. In Fryske film, wa betinkt soks? Tsjin alle advizen yn en fierders amper minsken dy't der oprjocht brea yn seagen, of in part fan
140 de finansiering op har nimme woe-ne, is it him yn 1995 slagge om syn earste film te meitsjen; ymprovisearjend en ûnortodoks hat er *De Gouden Swipe* produsearre. Om
145 dêrfoar jild byinoar te krijen wie der ûnder oaren in ferkeap fan lotten mei de kâns op in echt hynder as priis.

(8) As *De Gouden Swipe* klear is,
150 dan wit de filmmakker dat er nochris in film meitsje sil oer Grutte Pier. "It is in mytysk figuer. Dy man sprekt ta de ferbylding, der binne safolle ferhalen oer, wier en net wier. Grutte
155 Pier is sa'n ynspirearjend gegeven. Kinst der safolle mei dwaan." Lang hat er ompankoeke mei syn dream om in film te meitsjen fan de man dêr't de Friezen fan beare dat it in
160 moedige frijheidsstrider wie fan wa't oaren sizze dat it in wreedaardige en bloedfergriemende piraat wie. No moast it wêze, betocht er fjouwer jier ferlyn. "Oars bin ik earder dea."
165 (9) Steven de Jong brocht *De Gouden Swipe* nei it folk en de minsken kamen massaal nei de film-



teäters en de doarpshuzen om te
sjen. Al mei al binne der sa'n 60.000
170 besikers teld, fier boppe it gemid-
delde dat trochstrings op Neder-
lânske films ôfkomt. Deselde formu-
le wurdt in fearnsiuw letter tapast by
syn nijste Fryske film *Grutte Pier*.
175 Dêrby giet de filmmakker sels ek de
boer op. As ambassadeur fan de
film fertelt er oer de produksje fan
de film en oer syn eigen passy.
Carla de Bruine sjongt de filmmuzyk
180 en fansels is de fertoaning fan
Grutte Pier der. Elk doarp kriget sa

fertier. In moanne nei de premjêre
binne de earste 10.000 besikers al
teld. Der is al in twadde diel yn it
185 foarútsjoch fan de trilogy oer Grutte
Pier. "Wêrom doch ik it allegear?",
freget Steven de Jong himsels
meardere kearen ôf. Hy hat daliks it
antwurd: "Dit is myn libben. Ik lis it
190 mysels op. Ik wol mei film ferhalen
fertelle." Op syn palmares¹⁾ hat er al
in lange list fan films. Hy hat sels al
in ferûntskuldiging en relativearring:
"Wat moat ik oars?"

*Bert de Jong, de Moanne,
december 2022*

noot 1 In palmares is in list mei prestaasjes.



Jongeren moatte harren eigen ynfloed net ûnderskatte

De learlingen fan CSG Ulbe van Houten yn Sint-Anne krije trije dagen takomstles. “Ik wol se sjen litte dat de takomst net fêstleit, mar dat der wat te kiezen falt”, fettet skriuwer en ‘takomstdosint’ Mark Boode (56) de lessen gear.

(1) “De brief dy’t Hanna Sixma fan Kristlik Gymnasium Beyers Naudé yn Ljouwert foar de skriuwwedstriid fan ‘Nieuws in de klas’ skreau en
5 dêr’t se yn frege om takomstles, reke my”, seit Mark Boode. “Ferbjusterjend dat sy freegje moat om ynformaasje oer de klimaatkrisis. Dat betsjut dat it ûnderwiis dat no ûnfold-
10 dwaande biedt.”

(2) Begjin 2023 publisearre Amsterdammer Boode syn nije jeugdroman *Winnen van de wereld*, oer in fyftji-
15 jierige klimaataktivist. Hy is skriuwer en sprekker, mar oant koartlyn ek dosint en ien fan de oprjochters fan Teachers for Climate. Dy groep
20 leararen pleitet foar duorsumens as ûnderdiel fan alle skoalfakken. Mei dy lessen dy’t er begjin nije wike nei oanlieding fan syn boeken oan CSG
Ulbe van Houten jout, wol er jongeren derfan bewust meitsje dat de takomst gjin
25 gegeven is dat fêstleit en dat der meardere takomsten mooglik binne dy’t derfan ôfhingje hoe’t wy kieze. “By it wurd takomst tinke
30 wy al gau oan saken as science fiction, Artificial Intelligence (AI) en klimaatferoaring, mar net oan
hokker oplossingen oft wy foar de hjoeddeistige swierrichheden kieze kinne.”

(3) In ienfâldige fraach dy’t er de
35 learlingen stelle sil, is hoe âld oft sy yn 2090 binne. “Sa’n fraach makket dúdlik hoe tichtby oft de takomst is. Dan binne de jongeren tachtich en

is de kâns grut dat hast alle klasse-
40 genoaten dan noch libje.” In oare fraach is yn hokfoar wrâld oft sy dan libje wolle. “Ast yn in klasse fregest
‘wêr wurdst lokkich fan’, dan is dat praktysk altyd werom te bringen ta
45 freonskip, sûnens en in griene leefomjouwing. Dêrnei wol ik mei harren neitinke hoe’t wy de takomst yn-
rjochtsje kinne om mear tiid foar freonen te hawwen en libje te kin-
50 nen yn in griene omjouwing. Sa wol ik jonge minsken prikelfe dat it ek oars kin.”

(4) Neffens Boode beseffe wy te min dat de wrâld dêr’t wy yn libje gjin ge-
55 geven is, mar in produkt fan hoe’t yn it ferline keazen is. “Dat sjochst werom yn it ûnderwiis. By ekonomy-
lessen is it kapitalistyske stelsel útgongspunt en heart ekonomy te
60 groeien. Mar dat systeem is in kar. Wy kinne ek kieze foar koöperative bedriuwen en grûn net as priveebesit te beskôgjen, mar as eat fan ús allegearre.” Hy set fraachteken by
65 de ynstek dat ûnderwiis jongeren op de maatskippij tariede moat. “Jongeren binne al ûnderdiel fan de mien-
skip, sy kinne dus al kieze. Ut sa’n brief fan Hanna docht bliken dat it
70 ûnderwiis harren ûnfoldwaande ynformaasje jout om te kiezen.”

(5) De hjoeddeiske generaasje jongeren kriget mei de gefolgen fan de klimaatkrisis te meitsjen. Mar sy
75 hawwe sels net folle hannelingsperspektyf. “As âlden in fleanfakânsje



nei Grikelân boeke, dan kinst as fjirtjinjierrige net sizze: 'Ik gean net mei'. Mar jongeren kinne wol deeglik ynfloed útoefenje. Doe't ús âldste dochter acht wie, woe se gjin fleis mear ite. Sy fûn it net allinnich begrutlik foar de bisten, mar hie ek oer de bioyndustry en it klimaat lêzen.

Wy pasten ús sa oan dat sy sûnder fleis ite koe, mar de rest gie al troch mei fleisiten. Stadich mar wis pasten wy ús ytgewoanten hieltyd mear oan op iten sûnder fleis en no bin ik, dy't altyd graach in stikje fleis mocht, fegetariër. Dy iene stap fan ús dochter hie folle mear effekt as dat sy gjin fleis mear iet."

(6) Hy yt sa no en dan fisk. "In inkelde kear in hjerrinkje fyn ik wol hiel lekker. Mar as ik tsjintwurdich in broadsje hjerring yt, dan tankje ik de fisk wat er foar my docht. It klinkt mooglik gek, mar sa'n lyts gebeart ferbynt dy mei de wrâld om dy hinne. Do wurdst dy bewust fan it nut om foar de oseaan te soargjen, want sûnder in sûne see gjin fisk."

(7) Syn takomstlessen binne neffens Boode gjin yndoktrinaasjekursussen duorsumens. "Der sil mooglik sprake wêze fan spanning as in Amsterdammer op in skoalle yn Fryslân oer duorsumens komt te praten. Mar ik wol benammen ynformaasje oanrikke, jongeren gearhing ûntdekke litte. Nim bygelyks stikstof. Tefolle derfan hat ynfloed op de fegetaasje fan it dûngebiet yn Noard-Hollân. It waar-telstelsel fan dy plantsjes hâldt folle minder it dûnsân fêst, sadat der op termyn gatten yn de wetterkearing falle. Dat is gjin moai nijs, mar do moatst der al earlik oer wêze. Sa witst wêr'tst yn de takomst op stjoere moatst."

(8) Dat by diskusjes oer takomst en klimaat de emoasjes heech oprinne kinne, fynt Boode net sa frjemd.

"Mar lit ús net oer inoars takomst-byld oardielje. Myn takomstbyld mei oars wêze as dat fan in oar. Wy hoege net nei konsensus te stribjen. Wy moatte al sykje om ferbining en romte biede foar inoars opfettingen."

(9) De polityk doart de lêste desennia de kiezer net mei ferfelende feiten te konfrontearjen. Sa steapelen de problemen harren allinnich mar op. "De wrâld stiet foar grutte útdagingen. De omslach dy't nedich is om de ierde leefber te hâlden sil net sûnder pine gean. Mar wês dêr as oerheid earlik oer, jou ta dat der pinepunten binne en bied minsken perspektyf, begelied se yn de omslach."

(10) Mei iepene en earlike petearen komme faak goede en kreative ideeën boppedriuwen, is de ûnderfining fan Boode. Sa spruts in bewenner fan de Schilderswijk yn Den Haag op in gearkomste oer enerzjy-earmoede syn fernuvering út dat minsken út syn wyk yn it ramt fan earmoedebestriding radiatorfoly en in wetterbesparjende dûskop kado krigen. "Wat falt der te besparjen as de termostaat al op 17 graden stiet?" It enerzjyprobleem siet neffens de man by de grutte ferbrûkers, de riken yn fillawiken. "Wêrom wurdt der gjin rykdomkonferinsje yn Bloemendaal holden?" frege er him ôf. Dat fyn ik kreatyf takomsttinken: gjin earmoede- mar rykdomskonferinsje. As ik takom wike mei learlingen op sokke kreative ideeën kom, dan bin ik in bliid minske. Takomsttinken is nije ferhalen fertelle."



De teksten die voor dit examen gebruikt zijn, zijn bewerkt om ze geschikt te maken voor het examen. Dit is gebeurd met respect voor de opvattingen van de auteur(s). Wie kennis wil nemen van de oorspronkelijke tekst(en), raadplege de vermelde bronnen. Het College voor Toetsen en Examens is verantwoordelijk voor vorm en inhoud van dit examen.

